

Bijlage HAVO

2015

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

De wolf hat neat te sykjen yn Nederlân

Yn eardere tiden hearde de wolf by de ynheemske bistepopulaasje fan Nederlân. Troch de befolkingsgroei wie der gjin plak mear foar dizze hierrige rôfdieren. Of dochs wol?

(1) De earste wolf wie noch mar amper sinjalearre yn it easten fan it lân of boeren en jagers kamen yn it gewear. Dêr rûnen se wat mei foarút op de feiten. Wolven binne allinne mei wissichheid waarnommen op in pear hûndert kilometer fan ús grins mei Dútslân. Wol liket it derop dat wolven harren leefgebiet oan it útwreidzjen binne nei it westen ta.

(2) It Wageningske ûndersyksynstitút Alterra hat op oantrún fan de oerheid ûndersyk dien en komt foarsichtich ta de konklúzje dat de Nederlânske befolking yn mearderheid wol aardichheid hat oan in omswalkjende wolf. Tagelyk makket it ynstitút him net al te folle soargen oer grutte wolvepopulaasjes.

(3) De romte yn Nederlân liket te beheind foar grutte oantallen wolven. Der is hast gjin gebiet dêr't se echt libje kinne. Oeral bestiet in grutte kâns om troch autoferkear om te kommen. Alterra is dêrom fan betinken dat der yn de takomst mar in pear eksimplaren nei ús lân ta komme sille.

(4) De grutste soarch is dat de wolf him mooglik fergrypt oan skiep. Foar oanfallen op minsken, sa leare de ûnderfiningen op oare plakken yn Europa, hoege wy net benaud te wêzen. Selden falt de wolf in minske oan.

(5) Net alle natoerorganisaasjes binne bliid mei de mooglike komst fan wolven. It binne grutte rôfdieren

en yn natoergebieten komme se der noch in kear by, neist de al omstrunende foksen en omfleanende rôffûgels. Der is ek wol in foarsichtich positive hâlding. Want wolven, dy't jeie op yn it wyld libjende reeën, kninen en hazzen, soenen in moaie oanfolling wêze kinne yn in geskikt natoergebiet.

(6) Alterra bepleitet dan ek it oanwizen fan leefgebieten foar it gefal wolven al nei Nederlân ta komme mochten. Boeren binne der net gerêst op, sa die bliken út de earste reaksjes. Wa seit dat de wolf, as er honger hat, him net oan harren skiep fergripe sil? Tsja, de kâns is lyts, mar de feehâlders krije de jagers al oan harren kant, dy't yn de wolf in jachtkonkurrint sjogge.

(7) Boppedat wol Alterra no al de wolf as beskerme biesoort oantsjutte, om foar te kommen dat dy troch jagers deasketten wurdt. In wolf yn it fizier is wer ris wat oars as altyd mar wer in ree, in knyn of in ein. Dy kâns wurdt de jagers op foarhân ûntnommen. Dan is der noch de fraach, wat dien wurde moat as in roppige wolf oerlêst jout. Yn dat gefal soe sa'n bist dat him net oan de regels hâldt, dochs 'ferwidere' wurde moatte, want ja, regels binne regels. En dêr moat oer neitocht wurde. Foardatst it yn 'e gaten hast, brekt de diskusje los tusken hardliners ûnder de bistefreonen dy't deasjitten yn it foar wêze wolle en lju dy't miene dat

bisten per definysje net foar oerlêst soargje meie.

80 **(8)** Hoewol't Alterra ferwachtet dat de kâns op grutte oantallen wolven minym is, pleitet it ynstitút dochs foar de ûntwikkeling fan belied. Oare lannen binne ús lân wat dat oangiet al foargien. Der moat belied komme
85 foar de iensume wolf dy't him net oan de regels hâldt, foar it oanwizen fan in leefgebiet en foar it bewekjen fan de sûnens fan de wolven.

90 **(9)** It mei net sa wêze dat wolven op 'e nij sykten yntrodusearje. Wy hawwe noch net fergetten dat Dútslân, dat jierren frij west hie fan hûnsdûmens, dêr op grutte skaal mei konfrontearre waard nei it

95 iepenstellen fan de grins mei it eardere Eastblok. As der mooglik sykten driigje soenen foar ús kostber feebealach, soe de wolf ynienen in gefaarlike fijân wurde kinne.

100 **(10)** De oerheid moat net geheimsinnich dwaan oer it takomstich wolvebelied. Want dan soe de boarger him tsjin dit moaie en oansprekkende bist keare kinne. Ien
105 ding stiet yn alle gefallen as in peal boppe wetter en dêroer bestiet ûngebrûklike ienriedigens: in grutte wolvepopulaasje is dwersferkeard. De wolf moat út himsels komme en
110 lykas sein, is dy kâns bûten in inkelde omswalker om, lyts.

naar: Nico Hylkema, Leeuwarder Courant, 27 september 2012

Leaver smeerooft en nûtsjesmoar

Eigen wurd earst. In taal moat frij fan ynslûpsels bliuwe. Foar dy opfetting wringe guon minsken har somtiden yn de nuverste bochten.

- (1) Der binne Friezen dy't leaver 'nûtsjesmoar' op de bôle smarre as *pindakaas*. Der binne ek Nederlânsktaligen dy't ynstee fan *jam* 5 leaver *smeerooft*¹⁾ hawwe. Smaaksellen fernimme gjin ferskil, taalgefoelige harsensellen wol. Untfanklike typen sjogge wol heil yn 10 wat better. Oaren wolle net oan al dy eksoatyske ynslûpsels en betinke by need sels in eigentalich klinkend wurd foar in nij begryp.
- (2) Eigen wurd earst, fynt de Bond 15 Tegen Leenwoorden (BTL). *Kleur* komt út it Latyn en soe better wer *varuw* wurde kinne, krekt as yn in fier ferline. In *muur* wie earder in *weeg*. En wêrom hat it Latynske *kamer* it 20 moaie wurd *gadem* ferkrongen? Klinkt it Súd-Afrikaanske wurd *braai* yn Nederlânske earen net folle fertrouder as *barbecue*?
- (3) De Bond stiet mear as foarhinne 25 yn de belangstelling, mei tank oan Erik van Muiswinkel, dy't yn syn televyzjeprogramma 'Tatata!Taal' in spultsje makke hat fan it útfinen fan nije wurden. De dielnimmers krije in 30 lienwurd te sjen en dan freget er harren wat in suver Nederlânsk alternatyf wêze kinne soe. Kreative taalbrûkers komme mei grappige betinksels. Mar as Van Muiswinkel 35 dêrnei oplêst wat de Bond mei ynmoed betocht hat, leit elkenien krom fan it laitsjen. *Orthodontist? Tandrechtsteller! Bioscoop? Rolprentthuis!*
- (4) Lienwurden binne in boarne fan diskusje. Moatte se altyd negearre wurde? Binne se in ferriking fan ús taal of ferkringe se krekt wurden dy't hjir harren oarsprong hawwe? De 40 BTL fynt it lienen fan wurden gefaarlik en beskôget it as in slimme bedriging foar de eigenens fan de wurdskat.
- (5) Salang't de measte taalbrûkers 50 oan de skouders lûke, bliuwt it fjochtsjen tsjin wynmûnen. Dochs is it respektabele Genootschap Onze Taal yn 1931 oprjochte om de suverens fan it Nederlânsk te 55 befoarderjen. Mei klam waard dêrby it oernimmen fan wurden út it Dútsk, saneamde germanismen, tsjingien. Germanismen falle ûnder de barbarismen. Dat binne wurden of 60 útdrukkings foarme nei frjemd foarbyld en yn striid mei it spesifike taaleigene. Mar wat komt net oerien mei dat spesifike taaleigene? Wurden as *liefkozen*, *leedvermaak*, *doelmatig* 65 en *tijdschrift* waarden eartiids ôfkard, omdat it germanismen wêze soenen. No stroffelet net ien der mear oer.
- (6) Is it dan kâldwettereangst as minsken har fersette tsjin wurden fan 70 bûten? Sa no en dan bekrûpt jin dochs it gefoel dat minsken wol hiel leafdeleas en barbaarsk mei harren taal omspringe. Do hoechst net te sizzen datst te *shoppen* giest mei de 75 *kids*, ast gewoan mei de 'bern' te 'boadskipjen' giest.
- (7) In feit is dat komplette folksstammen *shoppen* te gek fine en

ûnder boadskipjen hiel wat oars
80 fersteane – dat is de kofferbak
foltropje by de supermerk. Oaren fine
it brûken fan in wurd as *shoppen*
oanstellerij.

(8) Modernistyske newspeak liket
85 faak it ûnbrekken fan ynhâld
maskearje te moatten. Nim sinnen
as: ‘De corebusiness fan ús unit is it
upgraden fan de workflow’ of ‘ús
policy is dat wy focusje op it
90 realisearjen fan ús targets.’

Poehaskopperij. Set beide oer as ‘wy
dogge ús bêst’ en de ballon is
trochpript. Oan de oare kant: wat is
der mis mei? Elke fûgel tsjotteret
95 nei’t syn bek is. Dan hast fuortdaliks
yn ’e gaten watfoar fleis ast yn ’e
kûpe hast.

(9) It Frysk begjint ûnderwilens in
echte wrâldtaal te wurden. It
100 bewekjen fan de diken hat gjin doel.
De floedgolf oan frjemde wurden is
net op te kearen. En de jeugd kriget
mei de Fryske brijleppel de dochs al
sloppe brij fol hollânismen foarset. It
105 wurdt as in boarterijke besjoen as der
socht wurdt nei ‘geve’ Fryske
wurden. It leveret listkes op mei
betochte of yn ûnbrûk rekke wurden,
sa nuver en apart dat mannich
110 Fryskprater der wat om laitsje moat.

(10) Gévismen, sa neamt Anne
Popkema de wurden dy’t er mei syn

Taalburo garre en wêr’t it argumint
‘geef Frysk’ swierder by weaget as
115 begryplikens. In pear resultaten:
‘snoadfoan’ foar *smartphone*,
‘tsjilredens’ foar *skeelers* en ‘sjoddy’
dat lyk stiet oan *see you*.

(11) It hoege op foarhân gjin
120 kânsleaze betinksels te wêzen. Mei
de hjoeddeistige rappe media is it
wol deeglik mooglik om in wurd
bewust te lansearjen of yn de kikert
te setten. Dat hat de Ried fan de
125 Fryske Beweging ek tocht, doe’t dy it
publyk op itnijs.nl frege nei de
moaiste Fryske wurden út in rige dy’t
op harren website stie. ‘ferpofamtner’
(Nederlânsk: *weigerambtenaar*)
130 waard útroppen ta winner. De Ried
brûkt it wurd al langer en
konstatearret dat it troch oaren
oernommen wurdt, sa ek troch
Omrop Fryslân.

(12) Wurden (wer)yntrodusearje, dat
135 kin. Mar wurden tsjinhâlde, wurket
net. Sawol foar âlde as nije wurden
jildt, dat gewenning in grutte rol
spilet. Alle wurden binne op in stuit
140 foar it earst brûkt. Wat faker ast in
wurd tsjinkomst, wat gewoaner oft it
wurdt. Wurden binne wat dat oangiet
krekt minsken. En wolkom of net, se
binne der gewoan.

naar: Fedde Dijkstra, Leeuwarder Courant, 4 februari 2012

noot 1 It wurd smeerooft (jam) wurdt útsprutsen as ‘smeer-ooft’.

In popkonsert is in sosjaal barren

Der trochhinne prate by popkonserten: de iene docht it gewoan, de oare hat der in ôfgryslke soad argewaasje fan. Der binne sels lûden om sok gedrach ôf te straffen mei in bierdûs.

(1) Kwetter, kwetter, kwetter. Oer it kletsen by konserten wurdt regelmjittich klage. Der binne sels artysten dy't harren optreden dêrom stillizze, yrritearre troch it leven en troch it feit dat de besikers elkoar blykber wichtiger fine as de artyst. In artyste-ego is gau kwetst.

(2) Wêrom wurdt dat dochs dien, dat kletsen? Om't de situaasje der om freget. It fenomeen docht him amper foar yn teatersealen, dêr't it publyk keurich op in rychje op de stoel sit. It komt foar yn typyske popsealen dêr't de besikers steane, omrinne, in bierke oan de bar efter yn de seal bestelle.

(3) De konsertseal sa't wy dy hjoed-de-dei kenne, is noch net iens sa hiel âld. Noch mar in pear iuwen lyn wie it folslein normaal om by muzykútferingen of teaterfoarstellingen gewoan om te rinnen, te kletsen, te frijen as it sa útkaam en om lûd kommentaar te jaan op wat him op it poadium ôfspile. Pas yn de rin fan de njoggentjinde ieu feroare dat en waard it publyk fersocht om stil te wêzen. Op himsels net ferkeard fansels, want guon saken komme better ta harren rjocht by stilte en oandacht.

(4) Yn syn boek *How music works* giet David Byrne, ea foarman fan de Talking Heads, no produktyf solo-artyst en in bysûnder skerpsinnich kritikus, yn op dy ûntjouwingen. Hy redenearret mei rjocht en reden dat

de romte dêr't de muzyk yn klinkt, hjir in trochslachjaande rol yn spilet. De muzyk dy't wy yn it Westen 'spiritueel' neame, is perfoarst net ritmysk kompleks en is de iennige muzyk dy't goed klinkt yn katedralen mei harren lange galmtiid. Afrikanen hawwe in hiel oar idee oer spirituële muzyk: de ritmyske kompleksiteit dêrfan docht it hiel goed yn it iepen fjild.

(5) De komposysjes fan Wolfgang Amadeus Mozart wienen yn syn tiid yn salons te hearren, dêr't de útwrydske jurken fan de dûnsjende madammen soargen foar it dimjen fan it lûd. Dêrmei wie it in folle gaadlikere omjouwing foar de komplekse, sierlike eigenskippen fan Mozart syn muzyk. In resinter foarbyld fan it effekt fan romte op muzyk is dat fan de ûnbidich stampende gabber of hardcore. Dy ûntjouwing fan beide muzyksoarten hat te krijen mei de feroaringen yn it drugsgebrûk mar ek mei it plak: grutte, galmjende sporthallen, dêr't alle subtiliteit yn galm weiwurdt.

(6) Byrne syn eigen band Talking Heads makke yn de jierren tachtich diel út fan in fruchtbere generaasje New Yorkse bands dy't harren ûnderkommen fûnen yn ferfallen, lange, smelle fertrekken dy't wurken as reagearbuis en katalisator fan alderhanne spannende ûntwikkelingen. Inkeld in lyts part fan it publyk koe de band sjen, de rest

hong efteryn oan de bar of by it
poolbiljert. En ried ris wat se dêr
dienen? Dat soarge krekt foar in
80 ynformele sfear. En fansels bliek nei
ôfrin fan it konsert faak dat krekt
dejingen dy't by it poolbiljert stienen
te kletsen, wol deeglik goed harke
hienen.
85 **(7)** Want dat is it. Prate ûnder in
konsert betsjut net dat men gjin
oandacht hat, it is net in teken fan
desynteresse. It is presys wêr't de
romte om freget. In trochsneed
90 poppodium is in plak om te harkjen
en om oare minsken te treffen, by te
praten, in bierke te drinken. Dat krijt
men no ienris yn in seal sûnder
sitplakken en mei in bar. Sa'n konsert
95 hat ek in sosjale funksje.
(8) De seal diktearret de situaasje.
En dy seal is op dat stuit net allinne
fan de sealeigner, de organisator en
de artyst. Dy is ek fan de besikers
100 dy't betelle hawwe en it is arrogant
om fan harren te ferwachtsjen om net
te dwaan wêr't de romte eigentlik om
freget. Dêr moat men de program-
mearring op oanpasse. Hiel ferstille
105 muzyk, teare elektroanika, serieuze

singer-songwriters? Dat moat dan
miskien mar yn in oar soart romte.
(9) Boppedat binne der noch
alderhanne oare foarmen fan
110 gedrach dêr'tst gefoelige
kollegakonsertgongers mei foar de
holle stjitte kinst, fan twitterjen oant
en mei it meitsjen fan foto's en it
balten fan fersyknûmers. Doe't op it
115 webstek fan it Amerikaanske blêd
Rolling Stone in listke fan steurende
aktiviteiten stie, krige de auteur yn de
reaksjes fuort in feech út 'e panne:
net sa seure, in konsert moat noflik
120 wêze en as wy allegearre in bytsje
rekken mei elkoar hâlde, wurdt it ek
noch gesellich.
(10) Sa is it fansels. En der is noch in
útwei. Lutzen Dijkstra, oftewol
125 Johnnygoody, singer-songwriter út It
Surhústerfean dy't no yn Berlyn sit,
sil it folslein mei my iens wêze. Hy
hat al tiden argewaasje fan al dat
leven. Mar hy hie by in resint
130 optreden by Podium Asteriks yn
Ljouwert, it goede antwurd: hy spile
in nûmer folslein sûnder fersterking,
en lei dêrmei it publyk it swijen op.
As it echt moat, twing dy stilte mar ôf.
135 It leafst mei kwaliteit.

naar: Jacob Haagsma, Leeuwarder Courant, 1 februari 2013

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.

Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.